

## Och, wat sil ik, sûnder, sizze?

1

Och, wat sil ik, sûnder, sizze?  
'k Mien it goed, mar doch ferkeard.  
Myn ferlechjes jouwe neat  
tsjin de stim fan myn gewisse.  
Troch myn tsjuster skyntin ljocht:  
Jezus Kristus docht my rjocht.

2

Ja, ik kom yn dwaan en litten  
hieltyd Jezus op it sear.  
Mar Hy hâldt fan my, ik lear  
wat my pleaget te ferjitten.  
'k Hâld my fêst oan dit berjocht:  
Jezus Kristus docht my rjocht.

3

O, ik hâld sa fan dit libben,  
mar ferlies it yn 'e striid.  
Jezus, jou my libbenstiid,  
set in krús troch al myn sribjen.  
Wat dit libben my ek brocht,  
Jezus Kristus docht my rjocht.

4

Hear, al moat ik ienris stjerre,  
ik sil libje, ivich lang.  
Foar it oardiel net mear bang,  
lit ik my troch neat benearje.  
Wurd ik troch it kwea besocht,  
Jezus Kristus docht my rjocht.

5

Hear, ik wol tichtby Jo bliuwe,  
stoart jo leafde yn my út,  
skink my wille oan jo wurd.  
Woll' my dochs nei 't libben driuwe,  
brek myn tsjuster mei jo ljocht.  
Jezus Kristus, doch my rjocht!

*tekst* Johannes Flittner – ‘Ach, was soll ich Sünder machen’  
*oersetting* David de Jong  
*meldij* Schäfer-Belustiging 1653, lettere ferzje